

WURDLIK FERSLACH FAN DE GEARKOMSTE FAN DE RIEDSKOMMISJE FAN DE GEMEENTE MENAMERADIEL

Woansdei 13 novimber 2013

Oanwêzich

Foarsitter	:	de hear T. van Mourik
Griffier	:	mefrou W. Bruinsma
P.v.d.A.	:	de hearen J.C.L.M. van der Lubbe en T. Cuperus en mefrou M. van der Meer
F.N.P.	:	de hearen H.F. Sinnema en Th. van der Schaaf
GroenLinks	:	de hear J. Harms
C.D.A.	:	de hearen A. Osinga en J. Eijzenga en mefrou J. Lolkema-Palsma
Gemeentebelangen	:	mefrou T. de Boer, mefrou A.M. Mast en de hear P. Drost
V.V.D.	:	de hearen J.A. van Beem en A. Magré
Kolleezje	:	de wethâlders L. Pen en M. van Asperen
<u>Mei kundskip ôfwêzich</u>	:	de hear W. Roersma en wethâlder A. Dijkstra

1. Iepening en meidielings

Foarsitter iepenet de gearkomste om 20.00 oere mei in hertlik wolkom en dielt mei dat de hear W. Roersma en wethâlder A. Dijkstra mei kundskip ôfwêzich binne.

2. It feststellen fan de wurklist

De wurklist wurdt fêststeld.

3. Neijiersnota

De hear Osinga (CDA): 'De neijiersnota lit sjen dat de finansjele situaasje yn ús gemeente aardich oanslút by de begrutting. Dat betsjut dat de begrutting sa goed as mooglik folge is. En hoewol't der tusken de programma's noch hieltyd ferskillen binne, liket it derop dat we dit jier ticht by de begrutting bliuwe. En dat is in goeie saak. Dêr hat ús fraksje faak op oantrúnd. Wat ús wol opfalt is dat yn programma wolwezen en soarch de kosten foar húshâldlike help en WVG gjin molenstien blykje te wezen, wylst it wol in iepen ein regeling is. Dat toant oan dat de ynsleine wei mei de omtinkers in goeie rûte is. Dêr stiet tsjinoer dat de kosten foar de tsjinst heger útfalle as rûsd wie. Ek dat is in iepen ein regeling, wat ús net fernuveret sjoen de krisis en de oprinnende wurkleazens. Wy binne wiis mei de neijiersnota, der is gjin tekoart, wy stimme dermei yn.'

De hear Harms (GL): 'Ik wol graach wize op side 23, dêr stiet in oerskrieding fan enerzjylesten fan alle gebouwen fan €23.000,-. Dêryn binne de skoalle, de bibleteek en de sportakkomodaasjes noch net opnaam. Hjir moatte we wat oan dwaan. Ik hoopje dat de duorsumensnota fan de wethâlder dit probleem oanpakt. Ik winskje him in soad sukses mei it skriuwen fan de nota. Ik stim yn mei it útstel.'

De hear Van der Lubbe (PvdA): 'Wij hadden graag gezien dat het geld dat overblijft van het bedrag dat voor de uitvoering van de WMO ontvingen, in de reserve gestort zou worden. Dat zouden we kunnen gebruiken in een tijd dat er meer nodig is. Helaas blijkt daarvoor geen meerderheid te zijn. Dit was wel een mogelijkheid geweest om de risico's van de openeindregelingen, die ook de heer Osinga benoemt, in te dammen. Wij stemmen in met het voorstel.'

De hear Sinnema (FNP): 'We ha in lyts posityf resultaat, dat hat wol ris oars west. Dit is hartstikke moai, al binne noch net oan it ein fan de rit. We tinke dat it no wol ris wat positiver útpakke kin, ik kin net oanjaan wêrtroch dat komt, mar ik tink it. De sifers by benammen wurk en ynkommen en wolwezen en soarch litte wol grutte fluktuaasjes sjen. Mar dat is op dizze posten logysk, it is ús dúdlik. We stimme yn mei dit resultaat.'

Wethâlder Pen: 'Dit punt wie eins in hammerpunt, mar it is moai dat der noch ris komplimenten makke wurde dy't ik trochjou oan it amtlik apparaat. GL freget oandacht foar de enerzjylesten. Dy rinne dit jier wat út de hân, mar dat is oeral sa troch de kâlde maitiid.'

De hear Harms (GL): 'Dat begryp ik wol, mar it is al in tal jierren efter inoar it gefal, dêr moat oandacht foar wêze.'

Besluten wurdt oerienkomstich it útstel.

4. Feststelling programbegrutting 2014 ynklusyf list fan ynvestearrings 2014 en mearjierrenrûzings 2014-2017

De hear Drost (GL): 'Us fraksje is fan miening dat it kolleezje mei it útbringen fan programmabegruttings goed ûndernimmerskip toand hat. Der binne behearskbere risiko's naam. Sa is der mear dien dan eartiids foarsjoen wie. Bygelyks de oanlis fan twa keunstgersfjilden, it fytspaad Berltsum-Ried en de rotonde oan de Rypsterdyk. Troch ynsidintele meifallers koe de reserve boppedat oanfolle wurde. De programmabegrutting lit degelikheid en realiteitssin sjen. Wy witte dat kolleezje en rie dwaande binne mei glêsefel en it meitsjen fan in ynhelslach oangeande it ûnderhâld fan diken; ús fraksje is fan miening dat it ûnderhâld fan wegen goed op peil is, de ynhelslach kin dêrom ek oer langere tiid útsmard wurde. Der is ek in unyk projektplan foar wenningbou yn Dronryp, oare gemeenten wolle dat inisjatyf no sels oernimme. It falt net ta om yn dizze tiid de saak fan de grûn te krijen, as dat sa dochs slagget is dat in pree.

Wy binne fan miening dat der ek de kommende jierren mear dien wurdt as foarsjoen. Der moat rekken holden wurde mei besunigings, desintralisaasjes en sintralisaasjes troch it ryk. Der moat besunige wurde en it grutste part fan de boargers sil dêr wat fan fernimme. Desintralisaasje fan jeugdsoarch en AWBZ hat foar ús ta gefolch dat we yn in weryndielingsproses sitte. It regear is fan miening dat gemeenten de taken goedkeaper útfiere kinne en ha dêrom minder jild beskikber steld. Dizze legere útkearing hat as gefolch dat der hast gjin beleidsfrijheid mear oerbliuwt. De ferplichte sintralisaasje fan de brânwacht yn de Veiligheidsregio en de miljeutaken by de FUMO ha ta hege kosten let. Kosten dy't binnen de begrutting dutsen binne, mar as se net needsaaklik wienen, wie der mear romte yn de begrutting west. De ôffalstoffenheffing wurdt ferlege, de rioelheffing en de OZB wurde heger; in lestenferswierring fan € 8,35. Fansels sjocht ús fraksje leaver gjin ferheging, mar it is needsaaklik om de begrutting slutend te meitsjen.

De mearjierrenrûzing giet mei yngong fan 2014 út fan lyk bliuwende lesten en hegere ynkomen. De ynkomen sille dêrnei leger útfalle. De prognoaze foar 2015 en dêrnei lit dêrom tekoarten sjen. Us fraksje hopet dat we dêr mei inoar in oplossing foar fine kinne. We stimme yn mei alle punten út it útstel.'

De hear Van der Lubbe (PvdA): 'De PvdA wil in de eerste plaats haar waardering uitspreken richting opstellers van de begroting; zowel richting college maar ook richting het ambtelijk apparaat. Ook dank voor de mondelinge en schriftelijke beantwoording van de vragen van PvdA.'

De transities op het sociale domein zijn niet terug te vinden in de begroting. De verklaring van het college is dat zij hoopt dit met een gesloten beurs te kunnen uitvoeren. Wij hopen dat ook, maar er ligt wel een grote uitdaging, wetende dat het Rijk bezuinigt op de betreffende budgetten: we krijgen minder geld dan het Rijk zelf uitgaf voor de taken die ze overhevelt.

Onze gemeenschappelijke regelingen: de sociale dienst is volop bezig met de voorbereiding van de drie transities. Dat zal ook verschuiving in taken en werk voor de betrokken mensen betekenen. Vraag is of dat formeel geen reorganisatie zal worden. Het lijkt erop dat de beoogde herindeling pas per 1-1-18 vorm zal krijgen. Ook dat zal weer tot een reorganisatie leiden. Als PvdA pleiten we er voor dat serieus onderzocht wordt en naar gestreefd zou moeten worden dat dit tot één reorganisatie gecombineerd wordt door de vorming van een nieuwe gemeentelijke sociale dienst, welke tot de herindeling bijvoorbeeld onder Franekeradeel gebracht wordt.

We behandelen nu de laatste begroting van deze coalitie. Slogan was *Wat moet dat moet, wat kan moet niet*. De coalitie heeft dit met name vertaald naar *goed op de zaakjes passen*. Dat hebben ze goed gedaan. De PvdA had echter graag gezien dat er wat meer *regeren is vooruit zien* in had gezeten. De veranderingen in het sociaal domein worden vooral door organisaties-op-afstand voorbereid en niet door het eigen apparaat. Inspelen op veranderingen in de bevolkingsopbouw is vooral een eigen verantwoordelijkheid en werkt door op vele domeinen. De PvdA heeft niet kunnen waarnemen dat de coalitie daar werk van maakt.

De begroting sluit met een positief overschot van 243.000 euro. Dat lijkt positief. Maar daar zijn de kosten voor ICT nog niet in meegenomen. In de jaren na 2014 wordt er echter een tekort van 544.000 in 2015, oplopend tot 801.000 euro in 2017, verwacht. We kunnen dus niet op onze lauweren rusten. Wanneer wil het college met begrotingsvoorstellen voor 2015 en daarna komen? De PvdA stelt voor dat er ruim voor de kadernota in juni 2014 al informatie naar de raad komt. Daarbij zou, in verband met de herindeling in 2018 ook een doorkijkje gegeven moeten worden voor het totaalbeeld van de fusiepartners. Wij pleiten ervoor dat wij vanaf volgend jaar niet alleen naar onze eigen cijfers kijken, maar ook naar het totaal van na de fusie.

De hear Osinga (CDA): 'De begrutting lit in oerskot sjen fan 250.000 euro, dat liket moai, mar we moatte der rekken mei hâlde dat de besunigings op it gemeentefûns dêryn och net meinaam binne. Der is mear ûnwis, wat ynfloed ha sil op de úteinlike rekkensifers. We binne bliid dat Meedoen met de samenleving wer meinaam is. De lesten foar boargers wurde wat heger, mar der binne ek positive punten; de ferheging fan de ôffalstoffehewing kin foar in part kompensearre wurde troch in koarting op de opboude reserves. Dêr ha we jierren op oantrúnd, no wurdt it útfierd. In reserve fan 80.000 euro is neffens ús foldwaande om tsjinfallers op te fangen.

It is in konservative begrutting, dat is ferstânich sjoen de ûntwikkelings op it mêd fan de bestjoerlike weryndieling. Nij beleid dat in berop docht op takomstige ûntwikkelings en takomstige kosten is ta in minimum beheind. Dat is in ferstanige kar. Wat moat dat moat, dy tinkwize is yn dizze begrutting werom te finen. Der is de ôfrûne fjouwer jier in soad ta stân kaam. Der binne in hiele soad projekten útfierd of yn ûntwikkeling. Troch it wurk-mei-wurk-prinsipe kinne der mear projekten útfierd wurde tsjin legere kosten. Ynfrastrukturele wurken as it NWT en de Heak om Ljouwert ha ynfloed op de ûntwikkelings yn ús gemeente. Sa sil it lânskip by Marsum, Ritsumasyl en Deinum yngripend wizigjee. We binne benijd hoe't it der út komt te sjen.

De begrutting is slutend, de ferheging fan de wenlêsten bliuwt beheind. Der binne gjin oare besunigings op bygelyks it ferieningsleven nedich west. Dat is mei it gefolch fan de foarsichtige beleidsûntwikkeling. Wy stimme yn mei it útstel en bedanke kolleezje en amtners foar harren ynset.'

De hear Van Beem (VVD): 'De VVD wil het college en de ambtenaren een compliment geven voor de begroting. Als we kijken naar de beginperiode van dit college, dan zijn de financiële vooruitzichten verbeterd. Een pessimist zou zeggen minder slecht. Er is het nodige bereikt, maar we zijn er helaas nog niet. In 2014 komen we als gemeente nog één keer goed terecht door meevallers uit Den Haag. Die meevallers zouden echter wel eens wat minder kunnen uitvallen en er zijn bovendien extra bezuinigingen van 6 miljard gerealiseerd. De meerjarenbegroting geeft niet echt een rooskleurig beeld, maar wel aanzienlijk beter dan aan het begin van de regeerperiode. De komende jaren zullen we lastige keuzes moeten maken om het financieel droog te houden.

De stijging van de OZB is begrijpelijk gezien de financiële vooruitzichten, desalniettemin is de verhoging fors in een tijd dat de koopkracht voor onze inwoners onder druk staat. Wat ons betreft kan de begroting nog verder verbeterd worden door de resterende bezuinigingen uit de groene lijst door te voeren. Daarmee bezuinigen we nog eens 25.000 euro en kan de stijging van de OZB beperkt blijven. Hoe denken andere fracties daarover? De afvalkosten dalen, dat is een goede zaak. In februari 2011 heeft de VVD gevraagd om beleid ten aanzien van de zuipketen. Er is toen een beleidsvoorstel toegezegd, maar die is er nog niet. We staan nu op een punt dat de leeftijd voor alcoholgebruik omhoog gaat van 16 naar 18 jaar, eigenlijk hadden we verwacht hierover iets terug te lezen in het programma Welzijn. Wellicht kan hier nog naar gekeken worden.'

De hear Sinnema (FNP): 'Alderearst in reaksje op de begrutting en ynvestearringslist: It liket derop dat it kolleezje der yn slagge is om de fersjoene tekoarten yn 2014 om te bûgjen nei in posityf resultaat fan rom 250.000 euro. De FNP wol it kolleezje dan ek lokwinskje mei dit resultaat. De jierren dernei liket it wer mis te wêzen. Toch ha we betrouwen yn de takomst.'

Dan de skreaune taljochting: De FNP fynt dat de omskriuwing fan de ûnderdielen sa langsumer hân in kopy wurde. Wat yn de programmabegrutting fan 2013 stiet, stiet der ek wer yn 2014. En dat wie ek al sa yn 2012. Yn al dy jierren wurde deselde saken brûkt by bygelyks *wat willen we bereiken* en *wat gaan we er voor doen*. Dat docht tekoart oan de situaasje, want we ha fansels wol wat berikt, mar it liket as bart der neat. Kin der nije teksten skreaun wurde wêryn't de ynhâld wat sterker nei foarren komt? Los fan boppesteande, liket it sifermjittich allegear goed. Dochs ha wy op programma-ûnderdielen noch wat opmerkings. De fragen dy't wy steld hawwe binne yntusken gruttendiels beäntwurde, wêrfoar tank. Noch net alle fragen, mar dêr kom ik noch wol apart op werom. Want dat giet oer lytse technyske opmerkings en ha neat út te stean mei de begrutting sels.

Programma 4, lokale ekonomy; By 4 (bevorderen ondernemersklimaat) soenen wy der wol graach oan taheakje wolle dat de gemeente mear docht oan oanbesteging oan eigen ûndernimmers, yn elts gefal mear eigen ûndernimmers de kâns jout om mei te dwaan. Dêr hat it noch wol ris oan, we krije der in soad kommentaar op fan ûndernimmers, want dy krije gjin kâns. Dêr moat in passaazje oer opnaam wurde.

Programma 5, ûnderwiis; Wy misse hjir passaazjes oer de problemen by ûnderwiisgroep Fier en wat dêr oan dien wurdt. We misse ek dúdlike stânpunten fan it kolleezje.

Programma 8, wolwêzen en soarch; De FNP soe graach sjen dat hjir mear dien wurdt oan âldereinfoarsjennings en dan benammen oan in aktyf beleid foar deibesteging. Dêr kin ek yn 2014 al wat oan dien wurde.

Programma 9, milieu; Wy misse hjir in dúdlik belied foar duorsumens. Der is oanjûn dat der belied foar sinnepanielen of sokssawat komt, mar dêr lêze we neat oer.

Programma 10, bouwe en romte; Wy misse hjir it foarnimmen ta belied oer behâld fan byldbepalende lokaasjes en gemeentlike monuminten. Dêr is no subsydzje foar te krijen troch de Streekaginda. Ek kinne we Hûs en Hiem hjirmei stypje. Wy hienen dan ek graach sjoen dat it kolleezje jild opnaam hie foar dit ûnderdiel.

Yn algemiene sin kin de FNP harren wol fine yn de begrutting 2014, it dekkingsplan en list fan ynvestearrings. Wol wolle wy de oantekens sa as neamt yn it ferslach hawwe.'

De hear Harms (GL): 'Ik bin it iens mei de oerweging dy't oan it ein fan de notysje stiet. De stelling dat *'it oerskot yn de begrutting fan 2014 it bêste brûkt wurde kin om de tekoarten de kommende jierren te beheinen en op te fangen, troch de budzjettêre situaasje yn positive sin te beynfloedzjen'*, koe sa út myn pin komme. Wat net yn de begrutting stiet binne de hannen en fuotten dy't by dizze stelling hearre. Wêr en wannear wurdt de oanhelle stelling yn de begrutting útwurke? Ik sjoch it net.

De beakens moatte ferset wurde om in begrutting te krijen dy't yn lykwicht is. De behandeling fan de begrutting is it momint om rjochting oan te jaan. Alle jierren de lesten 5% ferheegje is ek gjin

opsje, boppedat set it net genôch seadden oan de dyk. Wêrom stiet dêr neat oer yn? Is it kolleezje der net útkaam? Lis it dan oan de rie foar, dan kinne wy it der oer ha. De budzjettêre posysje wurdt bepaald troch it ferskil tusken ynkomsten en útjeften. As we de kosten beheine troch bygelyks ynvestearrings op it mêd fan enerzjy, kinne wy op wei komme. Ik sjoch yn de list mei ynvestearrings ek neat yn dy rjochting.

We ha as rie praat oer hoe't je der foar soargje kinne dat op termyn -as de problemen noch folle grutter wurde- de begrutting yn lykwicht bliuwt. We binne op Flylân, neffens my, ta de konklúzje kaam dat it weromjaan fan taken oan de ynwenners op termyn romte jout yn de begrutting. Hoe kin it dat der gjin doelstelling yn de begrutting stiet om dit op streek te helpen? Foardat besparings realisearre binne, duorret it wol in jier. Wêrom stiet dêr neat oer yn de begrutting? Hoe sjocht it kolleezje dit eins? Ik mis de ynstek yn de begrutting dat de gemeente partisipearret yn it wollen fan de doarpen yn stee fan saken dy't de ynwenner sels prima dwaan kin wei te nimmen. Ik neam dat *pamperjen*.

Ik advisearje it rapport fan de wittenskiplike rie foar it belied fan it regear te lêzen oer de fertrouensrelaasje mei ynwenners. Doe't Thorbecke foarm jûn hat oan it bestjoer fan Nederlân koe de hearskjende elite har ek mar min foarstelle dat elkenien meiprate koe, lit stean froulju. Wy steane hjoed op in selde soarte fan kantelpunt. De boargers ha min betrouwen yn de polityk, mar oarsom blykt dat ek sa te wêzen. De wittenskiplike rie foar it belied fan it regear, hat oer dit ûnderwerp in rapport skreaun. Ik stjoer de link nei dat rapport troch net de griffier, sjoch ris op www.wrr.nl ûnder publikaasjes. Dit rapport is net it ienige dat oanjout dat it bestjoer krekt like goed kantelje moat as de soarch. Net it oanbod moat liedend wêze, mar de fraach.

De begrutting hat 11 haadstikken dy't allegearre wichtich binne, programs binne allegearre like wichtich, mar program 5, ûnderwiis, is yn myn eagen krekt wat wichtiger. Ik ha in moasje makke mei as doel de skoallen te foarsjen fan in PV-ynstallaasje. Sintraal yn skoallen komt in skerm wêrop te sjen is hoefolle elektrisiteit de skoalle brûkt, hoefolle CO2 der by frij komt en hoefolle besparre wurdt mei de panelen. Dit giet oer edukaasje. It ûnderwiiskundich aspekt fan in PV-ynstallaasje kin min oerskat wurde. Dat is de reden wêrom ik dizze moasje makke ha, it kolleezje krijt opdraacht om it te realisearjen. Fier wol der grif ek wol jild yn stekke, de provinsje kin mooglik subsidiearje, mar helje ek de âlders der by. Aksjes kinne jild opsmite om in moaie ynstallaasje te finansierjen.

Yn de moasje stel ik dat in bedrach fan €80.000,- genôch wêze kin. Mooglik kin it foar minder. As de ynstek is dat de gemeente taseit $\frac{3}{4}$ fan de kosten te beteljen mei in minimum fan €5.000,- en in maksimum fan €10.000,- dan lokket de gemeente aksjes út. Dit is in mooglikheid, ik lit dat hielendal oan de kreativiteit fan it kolleezje en de amtners oer. Yn de maitiid soe it oeral wurkje kinne en moatte, ha de ynstallateurs ek wer wat wurk. Dat kin as de rie der efter stiet en it kolleezje fuort los kin omdat der ek oanjûn wurdt dat de rie it jild beskikber stelle wol.

100 miljoen euro floeit alle jierren út de regio nei de oaljebaronnen ta. As wy it tûk oanpakke dan hoecht dat net. It giet te fier om dat yn dizze bydrage út te wurkjen. Mar as dy 100 miljoen yn de regio bliuwt kin dat foar 2000 banen soargje; wat in rykdom! Net mear janke yn Den Haach om subsydzje foar ditsjes en datsjes, mar sels dwaan. Jo kinne wol oer it bloed sjonge fan *wol no ris brûze en siede*, mar jo moatte ek wat dwaan, wat oan doarre. Dat dy mooglikheid fan selsstannigens der is, dat moatte ús bern witte en oanfiele, dat moat bybrocht wurde. Wa de jeugd hat, hat de takomst.'

Wethâlder Pen: 'Guon partijen sizze dat der oprinnende tekoarten ûntstean, dat is ek by oare gemeenten it gefal. De PvdA freget net mei besunigingsútstellen te wachtsjen oant de begrutting fan 2015, de ynformaasje en mooglike besunigingsútstellen dy't we earder ha lizze we by de maitiidsnota op tafel. PvdA freget ek nei de fusygemeenten te sjen. Dat ha we al dien by de weryndielingsscan, dêr komt in ferfolch op. As de begruttingsgegevens fan de gemeenten bekend binne, kinne we op'e nij in scan meitsje om te sjen oft der sûnt de earste scan wat feroare

is. It CDA merkt op de ekstra 6 miljard dy't it ryk besunigje sil noch net ferwurke is, mar dat is wol opnaam yn de oanbiedingsbrief. VVD seit dat de notysje oer de zuipketen der noch net is. Wethâlder Van Asperen sil dêrop yn gean. FNP seit dat it net ferstânich is dat de gemeente har yntinsiver dwaande hâldt mei deibesteging. Dêryn binne wy wat ôfhâldich yn want we witte noch net hoe't it aansen komt. De húshâldlike help giet bygelyks miskien wer oer nei de soarchfersekering. GL hellet de boargerspartisipaasje oan, dêr binne we mei dwaande, mar op it mêd fan sport is de ôfrûne jierren al in hiele soad nei de boargers ta gong. By ynvestearrings wurde boppedat hege easken oan selsredsumens steld. Oer de moasje hear ik graach earst de miening fan de fraksje. Ik wol noch oanjaan dat we in dekking misse. As de gemeente sinnepanelen op daken leit, soe de ryksfergoeding foar enerzjylisten ek nei de gemeente ta moatte. En om welke skoallen giet it? *Alle skoallen* stiet yn it útstel, mar dat is net handich om't guon skoallen slute.'

Portefûljehâlder Van Mourik: 'Oangeande de zuipketennota: Wat no spilet is de feroaring yn de drank- en hoarekawet. De oanfolling op ús APV-wet komt yn desimber nei jim ta. Ôfrûne wike ha ik mei doarpshuzen, hoareka en sportkantines oerlein oer slutingstiden en doarbeleid. De petearpartners seinen dat as de nije drank- en hoarekawet as gefolch hat dat it drokker wurdt yn de keten, dat we der dan boppe op sitte moatte. No falt it noch ta mei de drokte en ynsidinten yn de keten. Ik advisearje no earst it beleid yn te fieren, dan oer 3 of 4 moannen de effekten te besjen en te besluten oft we oars mei keten omgean moatte.'

PvdA stelt dat de ynvestearrings foar ICT net meinaam binne, dat kloppet, mar we gean derfan út dat it net struktureel liede sil ta ta- of ôfname. It kin wol dat der friksjekosten makke wurde, mar dêr is no noch gjin sicht op. Oangeande de opmerking fan PvdA oer de reorganisaasje by de tsjinst; Ferwerderadiel stapt wierskynlik út de mienskiplike regeling, de oare gemeenten geane oant 2018 op deselde foet troch. Dêrnei sil yn de nije gemeente in eigen gemeentlike sosjale tsjinst ûntstean dy't foar in grut part bestiet út de hjoeddeistige mienskiplike regeling. Dan komt der ek wer in wethâlder sosjale saken dy't streekrjocht oanspraaklik is foar de sosjale tsjinst.'

Wethâlder Van Asperen: 'Oangeande de moasje fan GL; by de duorsumensnota is ek sjoen nei panelen op skoallen. Dat is dreger as foarsjoen wie, dêrom ha we besluten om earst op eigen gebouwen panelen te setten. Sinnepanelen op skoallen ha in soad tûkelteammen; de ûnderwiisfisy, de daken (kwaliteit en rjochting) ensafuorthinne. We binne ek dwaande west mei in ferrekkeningsmodel tusken enerzjymaatskippij en gemeente. Dêr binne wol gesprekken oer west, mar we binne der noch net oer út. We binne dêrom fan plan earst in útstel oer de eigen gebouwen foar te lizzen en dan mei de skoallen te kommen ta in model foar sinnepanelen. De moasje rint foarút op it útstel.'

De hear Van der Lubbe (PvdA) freget oft der ek jild yn de begrutting opnaam is foar it útfieren fan de nota.

Wethâlder Van Asperen seit dat it noch net opnaam is om't it noch net dúdlik is hoefolle it kostje sil. Oangeande de boargerpartisipaasje: it kolleezje hat it ôfrûne jier in soad kontakt hân mei boargers en doarpsbelangen. Dan wurdt ek besocht in beslút te nimmen oer de boargerpartisipaasje op it mêd fan grienfoarsjenning. Ek wurdt der oan glêsfazel wurke.

De hear Harms (GL) seit dat in omslach yn tinken nedich is; de oerheid moat partisipearje yn de winsken fan de boargers. Net de oerheid, mar de boargers moatte liedend wêze.

Wethâlder Van Asperen tinkt dat dat te hurd giet. Op it mêd fan grien, dat jierren troch de oerheid ûnderholden is, kin sa'n omslach net yn in jier berikt wurde. Der is wol hieltyd mear bereidheid, mar it giet langsum.

De hear Drost (GB): 'Wy stimme yn mei it útstel. De moasje is te prematuer, mooglik slute der noch skoallen en boppedat komt de wethâlder mei in plan dat we earst ôfwachtsje wolle.'

De hear Osinga (CDA): 'Oangeande de ferheging fan de OZB; de normale ferheging is 2%, no wurdt der 5% ferhege, dat is úteinlik mar 3% ekstra. De yndeksearring wie al feststeld, de ferheging is der wol en wy fine it ek net leuk, mar it bliuwt wol binnen de perken. Boppedat wurdt it op de wearde fan de wenten basearre en dy wearde sakket 1 jannewaris faaks wer en sa falt it mei de úteinlike nota wol ta. Dêr komt by dat wy bliid binne dat der gjin besunigings plakfine by ferienings en sportferienings. As de OZB dan wol in bytsje ferhege wurdt, dan draacht eltse

ynwenner in stientsje by. It giet om 8 euro en dêr sit de 5% al by yn. Wy fine it in akseptabele ferheging. Oangeande de sosjale tsjinst; op in mienskiplike regeling ha je as rie net in soad yn te bringen, we binne bliid dat der aansen in wethâlder sosjale saken komt. Dan wurdt de tsjinst wer ûnderdiel fan de gemeente. Dêr binne wy bliid mei. PvdA wol dat proses earder yn gang sette, mar sjoen de ûntwikkelings mei gemeenten dy't útstappe, ha wy der gjin beswier tsjin de hjoeddeistige situaasje troch te setten oant 2018.'

De hear Cuperus (PvdA): 'Us opmerking wie der ek op rjochte dat der in soad wurk troch transysjes op de gemeenten ôf komt. In essinsje fan dy transysje is dat we der mei inoar ek wat fan fine moatte. En it jaan fan gefoelens docht tekoart oan de trije wichtige taken dy't op de gemeenten ôfkomme. We moatte der by de tsjinst op oantrune dat nije útstellen wiidweidich yn de rieden besprutsen wurde.'

De hear Osinga (CDA): 'De transysjes binne fan belang, mar se wurde aansen foar it grutste part troch de tsjinst útfierd, lit se dêr de toskes earst mar yn sette. Ek noch reorganisearje is tefolle frege. Boppedat moat Frjentsjerteradiel de tsjinst oars út namme fan oare gemeente útfiere, mar dat betsjut dat oare gemeenten ek ynfloed ha moatte en dan binne der noch 4 of 5 kapiteins op ien skip. Dat lost de saak net op. It paad dat de tsjinst útset hat moat festholden wurde. Oangeande de moasje; de notysje duorsumens komt nei de rie ta. Dy wolle wy earst ôfwachtsje foar wy hjir op yn gean. It is te prematuer. Der sille boppedat de kommende jierren skoallen slute, is it dan wol ferstânich om dêryn te ynvestearjen? Dêr komt by dat skoallen in fergoeding foar enerzjykosten krije. As opstap nei mear duorsumens op skoallen kinne se faaks better earst antisipearje op fakânsjes troch apparatuer en ferwaarmings dan út te setten. Der binne oare mooglikheden om te besparjen op enerzjykosten. Wy wachtsje de nota ôf en stypje de moasje dêrom net.'

De hear Van der Lubbe (PvdA): 'VVD vraagt om een oordeel over mogelijke bezuinigingen van 25.000 euro. Waar heeft de heer Van Beem het dan over? Om welke posten gaat het hier? We moeten het in een breder perspectief zien, de PvdA zou graag zien dat we in het voorjaar van 2014 over bezuinigingsideeën kunnen praten, ook in Westergo-verband. Wethouder Pen koppelt het aan de voorjaarsnota, maar het lijkt mij verstandig om er nog iets eerder over te beginnen. De PvdA verwacht dat we als raad de vorderingen van het herindelingsproces regelmatig op de agenda zullen hebben; dit kunnen we dan prima combineren.'

Naar aanleiding van onze opmerkingen over de sociale dienst vragen we het college om richting SoZaWe te benadrukken dat de rol van de raden meer inhoud moet krijgen dan simpelweg de gevoelens mogen aan te geven. Als het grootste deel van onze begroting richting SoZaWe gaat en het om zaken gaat die onze burgers raken, dan wil ik daar iets meer over kunnen zeggen dan slechts gevoelens. Misschien moeten we het daar samen met andere raden ook over hebben. Ik blijf achter de motie staan, we vinden het belangrijk dat er een stap gezet wordt en die stap wordt nu al een tijd uitgesteld. De PvdA kan instemmen met de collegevoorstellen.'

De hear Sinnema (FNP): 'Eigen ûndernimmers mear belûke by oanbestegings, wat fynt de wethâlder dêrfan? En Fier, dêr binne ôfspraken oer makke, mar der is neat oer werom te finen. Oangeande it útstel fan VVD; it is in sympatyk útstel, mar de wenningweardes sakje wêrtroch it totaal wol tafalt, dat is foar ús it wichtichst.'

De hear Van Beem (VVD): 'Het absolute tarief gaat met 5% omhoog, ondanks dat de huizenprijzen met ongeveer 8% gedaald zijn. De formele tariefstijging is daarmee 12%.'

De hear Sinnema (FNP): 'Der binne ek lesten dy't leger wurde. Dêrtroch gean de totale lesten hast net omheech. Dêrom kin it sa wol bliuwe. De moasje fan GL sille wy net stypje, want de skoallen komme sels net mei sa'n plan, hoefolle stipe is der dan? Fier kin net meibetelje want dy stean al yn de min. Fier moat earst de finansjele saken op oarder ha, earder krije se gjin jild, ek net as it om duorsumens giet.'

De hear Van der Lubbe (PvdA): 'De investering in zonnepanelen zal niet leiden tot extra kosten. Het kan ook met een lening voldaan worden en vervolgens kunnen de kosten terugverdiend worden door besparing op energielasten. Op een begroting van Fier of welke organisatie dan ook is het dan niet terug te vinden.'

De hear Sinnema (FNP): 'Dat kin wol wêze, mar der moat earst wol jild beskikber wêze, wylst we net wite hoe't it komt, we ha noch gjin berekening sjoen en we wite net hoe't it mei de

konstruksje fan gebouwen sit. Om no al jild út te jaan is wat te gau, we wachtsje op de nota dan sjogge we wat we dogge. It sil der úteinlik wol fan komme en dy stap moat ek set wurde, mar no is it noch te betiid.'

De hear Van Beem (VVD): 'Over de OZB; we blijven tegen een verhoging van de ozb, we begrijpen dat het noodzakelijk is, maar willen een verhoging zoveel mogelijk beperken. Over de motie; We zijn wel warm te maken voor duurzame initiatieven, maar we lopen niet warm voor dit voorstel. Het is te prematuur omdat het college met een voorstel komt en het is bovendien te mager onderbouwd. Een financiële bijdrage van Fier lijkt ons een sigaar uit eigen doos en een potje creëren om een stok achter de deur te hebben, vinden wij een omgekeerde wereld. We wachten eerst het voorstel van het college af. We stemmen in met de begroting.'

De hear Harms (GL): 'Ik bin skrokken fan de ynbring fan it CDA dat de besuniging fan 6 miljard noch net yn de raming opnaam wêze soe, mar lokkich is dat wol it gefal. De VVD wol de besunigings fan de griene list noch útfiere, mar ik wit sa net wat foar besunigings der allegear op dy list steane. Oangeande it alkoholbeleid stean ik efter de boargemaster, it foarstelde beleid liket my prima. It wurd *zuipketen* fyn ik net geweldig, want it klinkt negatyf wylst de keten ek in posityf effekt ha. Wethâlder Pen seit dat de besunigings by de maitidsnota oan de oarder komme, mar wat ik net hear is dat der socht wurdt nei ynvestearrings om de lesten te ferleegjen. Ik hear hieltyd noch dat it kolleezje wol dat boargers partisipearje yn it wurk fan de gemeente, mar it moat oarsom, de gemeente partisipearret yn de doelstellingen fan de boarger. Oer de moasje; it hoecht net om grutte ynstallaasjes te gean. It is ek gjin probleem dat it jild dat útsparre wurdt werom giet nei de gemeente. It giet derom dat der in ynstallaasje komt dy't útlêzen wurde kin yn in sintrale romte fan de skoalle. Ik soe hjir earst in amendemint op de list fan ynvestearrings yntsjinje, mar dan soe ik eins sizze dat de list fan ynvestearring net kloppet en it kolleezje har wurk net goed dien hat en dat wol ik fansels net. Dêrop ha ik der in moasje fan makke.

Yn Berltsum stiet der sa'n ynstallaasje op it dak. It sit net yn de begrutting fan Fier en net yn de oannimsom fan de skoalle. Miskien hat Fier wol in *greenloan* ôfsletten, dat is net yn de begrutting werom te finen. Sa'n *greenloan* kin de gemeente ek ôfslute. Yn Berltsum stiet de ynstallaasje op it dak, dêrtroch binne de panelen net sichtber wêrtroch it net in edukatyf doel tsjinnet. In soad daken binne neffens de wethâlder net geskikt foar panelen, no miskien is dat mar goed. Want it giet hjir yn it earste plak om edukaasje net om it opwekken fan enerzjy. It soe moai wêze as it foar de simmer klear is. Wolle de fraksjes der noch ris oer neitinke?

Portefúljehâlder de hear Van Mourik: 'Fier wurdt noch apart behannele yn desimber. Allinnich lokale ûndernimmers by oanbestegings belûke is dreech, want as iderien dat docht, fine ús bedriuwen aansen bûten de gemeentegrizen gjin wurk mear. It giet derom dat we in goeie priis helje en dat ús eigen ûndernimmers in reële kâns ha om it wurk binnen te heljen. Dêr wurkje we hiel bewust oan. Sa ha oan de bou fan de brede skoalle yn Berltsum 6 partijen wurke dy't allegear út Fryslân komme, dat ha we noch net sa min dien.'

De hear Sinnema (FNP): 'We wolle ek net dat allinnich bedriuwen út de gemeente it wurk krije, mar der moat wol sjoen wurde oft der in bedriuw út de gemeente meidwaan kin oan de oanbesteging.'

Portefúljehâlder de hear Van Mourik seit dat dat besocht wurdt.

Wethâlder Pen: 'Bedriuwen dy't ynteresse ha kin harren melde by it kolleezje, dan komme se op in list. Oangeande de opmerking fan FNP dat der te faak deselde tekst yn de begrutting stiet; der wurdt besocht de teksten te ferbetterjen. Oangeande de opmerking fan GL; we sille besykje de ynkkomsten en útjeften mear yn lykwicht te bringen.

De moasje wurdt yn stimming brocht:

Foar: GL en PvdA

Tsjin: CDA, GB, FNP en VVD

De moasje is ferwurpen

Besluten wurdt oerienkomstich it útstel.

Foarsitter slút de gearkomste om 21.30 oere.

Griffier,

Foarsitter,

W. Bruinsma

T. Van Mourik